



200205.[4].def..FFU-brief-ledjild 2020

Oan de leden fan de FFU

Itens/Drachten, 5 febrewaris 2020

Achte leden, bêste minsken,

Yn it jierferslach oer 2019 jout skriuwer Hiemstra in oersjoch fan alle aktiviteiten dy't direkt of yndirekt ús krewearjen foar de posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis oanjouwe. Soks is noch altiten nedich en jout oan hoe dreech oft it is om ek yn Nederlân foar de Friezen – de iennichst erkende *nasjonale minderheid* – goed en foldwaande ûnderwiis yn de eigen taal te krijen. Yn de polityk en de publike opiny is der yn ús lân earder omtinken foar it skeinen fan minskerjochten yn it bûtenlân as foar de efterstelling fan it Frysk yn eigen taalgebiet. Frysktaligen hawwe ommers Hollânsk leard!

Njoggen jier nei it lêste ynspeksjerapport is yn 2019 in nij rapport útkommen mei de titel *Sizzen is neat, mar dwaan is in ding*, in ûndersyk fan de ûnderwiisynspeksje nei de posysje fan it fak Frysk yn primêr en fuortset ûnderwiis. Yn it rapport út 2010 stie it tekoartsjitten fan de skoallen sintraal en it net foarhannen hawwen fan goed evaluaasje- en toetsmateriaal. Yn dat út 2019 is der gâns kryptyk op it belied fan de provinsje Fryslân. Alhoewol't de provinsje derfan útgiet, dat 'fan skoallen yn it Fryske taalgebiet yn 2030 ferwachte wurdt dat se net mear ûntheffing foar it fak Frysk hawwe' (*Bestjoersoerienkomst Fryske taal en kultuer 2019-2023*, s. 13), is de ynspeksje lykwols fan betinken dat it provinsjale ûntheffingsbelied mei de te kiezen taalprofilen yn de skoallen net foar in hege ambysje foar it fak Frysk soarget. Skoallen sjogge de tekoartsjittende hjoeddeiske situaasje benammen as in goedkarring fan hoe't se earder mei it Frysk dwaande wiene en no noch binne.

De efterlizzende oarsaak fan dy gong fan saken leit yn de regeljouwing yn 2014. Yn de wetten foar primêr en fuortset ûnderwiis is opnommen dat de skoallen, nei oerlis mei de provinsje, sêls bepale kinne yn hoefier't de keardoelen Frysk foar harren fan tapassing binne. Hoefolle Frysk oft der yn de (skoal)omjouwing brûkt wurdt, kin dêrby it útgongspunt wêze. Is dat in bytsje, dan krije de bern ek in bytsje ...

De ynspeksje jout oan dat der op dy wize ferkeard mei de keardoelen omgien wurdt. Keardoelen binne *oanbodsdoelen* en gjin *behearskingsdoelen*: 'foar alle keardoelen [...] jildt dat ûnderskate learlingen ûnderskate behearskingsnivo berikke' (*Sizzen is neat [...]*, s. 48). Alle bern soene, neffens de ynspeksje, de kâns krije moatten om 'sa fier mooglik' te kommen, lykas dat by oare fakken ek wizânsje is.

Wat yn 2014 begroete waard as in stap foarút foar it Frysk, is yn de praktyk net wiermakke. De provinsje tocht mei it maksimaal ferlienen fan ûntheffing foar beskate doelen de skoallen entûsjast mei it Frysk oan de slach te krijen. In grutte misslach, want sa wurket it net yn de praktyk. It Frysk falt net ûnder de lanlike kwaliteitseasken, wylst de Fryske skoallen wol hifke wurde op harren opbringsten foar rekkenjen en 'Nederlandse taal'. Op myn fraach ferline jier oan de haadynspekteur oft in skoalle wol eksellint wêze koe as der amper of gjin Frysk jûn waard, wie it antwurd posityf: dat koe. Hja fûn it mar in frjemde fraach, want 'eksellint-wêzen gie oer hiel wat oars'.

Gelokkich binne der ek skoallen, dy't wol harren ferantwurdlikens foar it Frysk nimme. Sa hat 27% fan de skoallen yn it primêr ûnderwiis gjin ûntheffing oanfrege en alle keardoelen (ek *lêzen skriuwen*) yn it programma opnommen. Wat it fuortset ûnderwiis oanbelanget leit dat persintaazje op hast 40%.

Yn juny 2019 makke de *FFU* diel út fan in delegaasje fan de *Ried fan de Fryske Beweging* dy't in besite brocht oan de *Fêste Keamerkommisje fan Ynlânske Saken* en in petysje mei winsken oerlange. De reaksje fan de minister dêrop, it 'Kamerbrief toezeggingen AO BFTK 26 juny 2019' fan 16 desimber 2019, wie teloarstellend. De Ried hat dêrom op 20 jannewaris 2020 oan de ferantwurdlike politisy in nij skriuwen takomme litten. Yn dat dokumint binne trije fragen oer it ûnderwiis opnommen, nammentlik:

1. Wêrom is der gjin ynspeksjetafersjoch op de *kwaliteit* fan it ûnderwiis yn it Frysk lykas dat foar it 'Nederlands' bart?
2. Is de minister it iens mei de situaasje dat skoallen sels beslisse meie yn hoefier't der draachflak is foar ûnderwiis yn it Frysk yn har skoalle?
3. Is de minister ek net fan betinken dat de learkrêften it foech Frysk hawwe moatte om it Frysk as *fak* en as *fiertaal* jaan te kinnen en sa te foldwaan oan de prinsipen fan lykwaardichheid en lykberjochting?

En no mar hoopje dat der ek in wêzentlike diskusje ûntstiet oer it *wêrom* en *hoe* fan it ûnderwiis yn it Frysk. Sûnt de ferplichting fan it Frysk (primêr ûnderwiis yn 1980 en fuortset ûnderwiis yn 1993) sit it Frysk noch altyd op de skopstoel by in grut tal skoallen. As jimme nei oanlieding fan dy trije fragen reagearje wolle, dan kin dat nei dijkstrathomas@hotmail.com of ffupost@hotmail.com.

Wy binne der wiis mei dat leden harren finansjele bydrage oer 2019 (of earder) wer oermakke hawwe oan de *FFU*. Sûnder jild kinne wy ek neat en der falt noch foar hiel wat te striden. It jier 2020 leit foar ús en dêrom ús fersyk om ek foar dat jier de jierlikse bydrage fan **€ 10** (mear mei ek fansels!) meikoarten oer te meitsje op **NL 17 INGB 0002 3560 38** mei de fermelding **ledejild 2020** op namme fan: **Feriening Frysk Underwiis, E. Knotter, ponghâlder FFU, De Sweach/Beetsterzwaag.**

Mei freonlike groet,
Tom Dykstra, foarsitter

